



WYLDE HAVANA

(Wilde Havana)

Tragikomeedzje yn trije bedriuwen

troch

PETER LEENDERS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **WYLDE HAVANA – WILDE HAVANA** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **PETER LEENDERS, vertaler Gurbe Dijkstra** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Jo - ferstoarne heit, 75 jier

Sjaan - ferstoarne eks-frou, 65 jier

Johan - soan, 50 jier

Els - skoandochter, frou fan Johan, 50 jier

Trudy – dochter, 45-50 jier

Marijke – dochter, 45-50 jier

Stim fan God (*achter it toaniel troch mikrofoan mei galm útsprutsen*)

2 manlju en 4 froulju.

MUZYK:

Foarôf oan it earste bedriuw en it tredde bedriuw wurdt “Dance the Macabre” fan Saint- Sëans spile.

TIID:

Earste bedriuw: middeis om trije oere hinne.

Twadde en tredde bedriuw: Trije dagen letter, middeis tagelyk mei, en krekt nei de kremaasje.

DEKOR 1:

Dit stik wurdt yn 2 aparte dekors spile. Yn it linker part (*út de seal wei sjoen*) is de húskeamer en dy beslacht sa'n twa tredde diel fan it toaniel. Oan de rjochterside is in lege romte foar de beide âlders dy't yn it twadde en tredde bedriuw as “geastferskining” opkomme.

Links, de alhiel fersutere húskeamer fan de ferwaarleazge âlde man, mei links in doar nei de keuken en bûtendoar. Midden achter in doar nei de sliepkeamer. It behang is brún fan de sigarereek. In pear kastjes dy't útpûlje fan papieren ensafuorthinne. In yttafel mei trije stuollen. Op de yttafel in transistorradio. Fierder twa noflike stuollen (*fauteuils*) mei in salontaffeltsje. Op kastjes in telefoan en wat foto's.

Oan de muorre in pear âlde skilderijen en in antike klok.

DEKOR 2:

Rjochts, in lytse lege romte mei oan de achterkant in swart skildere ferheging en oan de rjochter achterkant in trochgong om op en fan it toaniel te kommen. De beide dekors wurde fan elkoar skieden troch in licht trochskinend gerdyn, krekt sa'n gerdyn hinget der ek oan de foarkant fan it toaniel. Oan de achter- en rjochtermuorre hingje swarte gerdinen. Troch in "blacklight of stroboskoop" kin in makabere sfear kreëarre wurde. Ek troch it wyt sminken fan de hannen en de gesichten fan heit en mem, dy't swarte klean oan ha, kin dy sfear fersterke wurde. Yn it earste bedriuw is dit diel fan it toaniel net sichtber. Soks soe men realisearje kinne troch dy romte tsjuster te hâlden, of it rjochter gerdyn ticht te lûken. Foardat de útfiering út ein set wurdt Saint- Saëns spile.

It is ek hiel goed mooglik, en wat wit wol better, dat der mar ien dekor brûkt wurdt, de fersutere húskeamer sa't dy hjir boppe omskreaun wurdt. De ferstoarne heit en mem en de bern kinne dan de hiele romte brûke en gewoan trochelkoar hinne spylje, de bern kinne de heit en mem sabeare net 'sjen' fansels.

EARSTE BEDRIUW

JOHAN: (*achter*) Ja, dokter, ik sil der oan tinke. At der feroaring komt lit ik it jo witte. Ek út namme fan heit, tige tank foar alle muoite... Dach dokter! (*tichtslaande foardoar. Johan komt op en giet, yn tinzen, by de yttafel sitten*)

ELS: (*nei in lyts skoftsje op út de sliepkeamer*) Heit leit der hiel fredich by.

JOHAN: Hoe is 't no mei Marijke?

ELS: Dy leit de hiele wrâld byelkoar te snokkerjen. Lit har mar even. (*even stilte*) Wat in aardige man dy dokter. Hiene wy mar sa'n. (*giet betochtsum by de tafel sitten, dan nei in koarte stilte*) Ik freegje my ôf oft heit net better syn stjerbêd yn it sikehûs ha kinnen hie? It is hjir sa near.

JOHAN: It is no ienkear de winsk fan heit om thús te stjerren.

ELS: (*sjocht op it horloazje*) Ik snap net wê't Trudy bliuwt. Dit hat gjin pas. Se hat fanmoarn om alve oere al heard dat heit min is. It is in healoere riden en no is se der noch net! Dat fanke hat folslein gjin ferantwurdlikheidsgefoel! Se tinkt allinne mar oan harsels!

JOHAN: (*ergere*) Se sil sa wol komme. (*hellet in map út de aktetas dy't neist de stoel stiet*)

ELS: Wat is dat?

JOHAN: De begraffenispoalis en de brosjuere fan de útfearferiening. Dy ha ik, doe't wy dy in pear jier lyn ôfsluten ha, mar mei nei hûs nommen. (*sjocht om him hinne*) En dat is mar goed ek, oars hiene wy ús it apesoer sykje kinnen, at heit se net fuortsmiten hie.

ELS: Wat goed fan dy, datst der oan tocht hast om dy papieren mei te nimmen.

JOHAN: Wy moatte op alles taret wêze, it is in kwestje fan oeren of dagen neffens dokter.

ELS: (*oerein*) Ik sil mar fêst kofje sette foar 't gefal dat dyn suster noch komme mocht. (*tinkt nei*) Getferderry, dan mei ik earst de kopkes wol útsiede, dy binne hielendal oansetten, te fiis om oan te pakken. It is in skande dat dy thússoarch dêr neat oan dien hat.

JOHAN: Dat is har wurk net. Dy komt allinne om heit te fersoargjen en dat wol er absolút net lije.

ELS: (*bliuwt by de linkerdoar stean*) Dat is maklik! De pasjint is dwers en wol net wosken wurde! Dus dan litte we 'm mar yn syn eigen ekskreminten lizze. Ik soe dy thússoarch oanspraaklik stelle foar it feit dat er sa ferwurden is.

JOHAN: Dat sil neat helpe. Heit wol no ien kear net holpen wurde en dêr falt net folle oan te feroarjen.

ELS: De fraach is fansels oft se it besocht ha. Dy minsken fan de thúsoarch hearre al wat oerwicht te hawwen.

JOHAN: Wat seurst no! Se ha heit fanmoarn doch hielendal wosken en skeard. Heit leit der no kreas en krûdich by.

ELS: Ja, dêr moast er dan earst al heal foar yn koma reitsje! *(troch de doar ôf en slacht dy hurd achter har ticht. Johan nimt de poalis troch. De bel giet, achter de kûlisen lit Els Trudy deryn. Els seit koel)* Dei, Trudy.

TRUDY: Dei, Els. *(tutet har)* It spyt my dat ik sa let bin, mar ik siet yn in belangrike fergadering, ik wie foarsitter, dus ik koe net samar fuortrinne. Doe as in gek nei hûs om wat spullen te pakken en noch wat dingen te regeljen. Ik **koe** net earder.

ELS: *(op lûde fûle toan)* Do hoechst dy **echt** net te ûntskuldigjen, hear! Dat begripe wy wier wol!

TRUDY: Hoe is 't no mei heit?

ELS: *(op bitse toan)* Sjoch sels mar! Do witst it paad! *(dan slacht der in doar hurd ticht)*

TRUDY: *(komt ferbjustere op, se sjocht noch es achterom en meneuvelt mei de hân fan "dy hat tefolle op", dan sjocht se Johan)* Dei, broerke. *(tutet him flechtich)* Ik sil even by heit sjen, ik bin der sa wer. *(ôf sliepkeamer. De telefoan rattelt. Johan nimt op)*

JOHAN: Mei it hûs fan Timmer. *(harket)* Ha omke Harry... mei Johan, *(harket)* ja, nei omstannichheden reedlik. Heit hat gjin pine, dokter hat him morfine jûn, sadat er weardich stjerre kin. Ja, wy binne der allegear om te wekjen... Nee, jo sjogge mar, wy binne hjir no doch dei en nacht... Kom mar at it je útkomt. *(harket)* Goed, omke Harry, oant jûn. *(leit del, werom nei de yttafel, hellet in skriuwblok út de aktetas en skriuwt wat op)*

TRUDY: *(op út de sliepkeamer mei Marijke yn har kylwetter)* Doch asjebleaft net sa hypokryt! Do kinst fan my doch net ferwachtsje dat ik by syn bêd stean te janken wol? Nei wat der allegear gebeurd is.

MARIJKE: Nee, mar do soest dy wol wat oanpasse kinne! Dit hat heit doch ek net fertsjinne!

TRUDY: Dêr soene wy oars noch wol in boom oer opsette kinne! Ik sil dy wol sizze dat ik...

JOHAN: *(follet oan)* ...absolút gjin spul mei dy ha wol want wy ha wol wat betters te dwaan.

TRUDY: *(ferheard)* Sa as? *(giet yn ien fan de fauteuils sitten)*

JOHAN: It trochnimmen fan de begraffenispoalis en de brosjuere fan de útfeartferiening om dêrnei te sjen hoe't wy de kremaasje ynfolje sille.

MARIJKE: *(giet by de yttafel sitten)* Kremaasje? Ik wol gjin kremaasje.

Heit moat begroeven wurde, sadat ik 'm noch es opsykje kin.

JOHAN: Heit wol no ien kear kremearre wurde. (*lit Marijke de poalis sjen*) Sjoch, hjir stiet it. En wy sille syn winsk doch respektearje moatte.

MARIJKE: Ik fyn it mar neat.

TRUDY: Watsto fynst is net belangryk, it giet der om wat heit wol.

MARIJKE: Ik fyn it net passen om al oer de begraffenis te praten wylst heit noch leeft.

JOHAN: (*tsjin Marijke*) Harkje no even, neffens dokter kin it oeren, dagen, mar foar itselde jild ek noch in wike duorje. Wy ha 't allegearre fleanende drok en wy kinne ús tiid better besteegje troch alfêst de begraffenispoalis troch te nimmen en dêrnei soene wy ek noch wol wat tarieding dwaan kinne foar de kremaasje. It is doch absurd dat wy mooglik hjir de hiele wike sitte moatte te tomkedraaien oant heit dea giet! Wy kinne it no op ús deade gemak allegear dwaan.

TRUDY: Dy wurdkeuze fan dy!! Om it út te razen! Op ús deade gemak! Hahahahaha!

JOHAN: Hâld op fan laitsjen! Do likest wol in puber!

TRUDY: Sorry hear!

JOHAN: (*sjocht Trudy en Marijke oan*) Ha ik gelyk of net?

MARIJKE: Nee, dat hast net! Hoe kinst no yn godsnamme oan it regeljen fan de begraffenis tinke?

TRUDY: (*âlet it út fan 't laitsjen*) Dat is in sterke! Yn godsnamme!! Hahahahaha!

MARIJKE: Atsto no even yn de keuken sitten giest te laitsjen!

TRUDY: Ekskús... ekskús.

MARIJKE: (*tsjin Johan*) It wekjen by in stjerrende is krekt in hiel emosjoneel gebeuren, in perioade fan besinning en rouferwurking.

TRUDY: Hâld op mei dy ûnsin! Dat is by heit doch hielendal net fan tapassing? (*tsjin Johan*) Johan jonge, it komt my net maklik de strôt út, mar ik moat dy dizze kear gelyk jaan. Wy kinne ús tiid better nuttich besteegje.

MARIJKE: Ik doch hjir net oan mei!

TRUDY: Dat hoecht ek net, dan giesto moai by heit sitten te snotterjen, dan regelje Johan en ik de útfearthol.

JOHAN: Heit hat mei dizze poalis rjocht op it standertpakket, dat is de basis en dat kin troch de famylje tsjin mearpriis oanpast wurde. Wy kinne it sa djoer meitsje as at we wolle. Mar sjoen de finansjele situaasje fan heit, stel ik foar dat we it standertpakket oanhâlde.

MARIJKE: Ik begryp der neat fan, neam es in foarbyld. (*Els op mei de kofje, en skinkt yn*)

JOHAN: Yn it standertpakket sit in kiste dy't beskreaun stiet as

“fjurrenhout mei giel koperbeslach“

MARIJKE: Ik wol gjin fjurrenhout! (*bytsje teãtraal*) Mar sa'n moaie massive palissanderhouten kiste mei read koperbeslach!

TRUDY: Dy is gek! Wat tinkst wol net wat dat kostje moat?

JOHAN: Ik tink seker fiif hûndert euro de man.

TRUDY: Wy nimme de fjurren, mar foar my mei 't ek tripleks wurde.
(*Johan en Trudy prûste it út fan it laitsjen*)

JOHAN: (*giet mei it skriuwblok en poalis neist Trudy sitten*) Wêrom nimme wy net sa'n miljeufreonlike kiste? Dat is tsjintwurdich yn 'e moade.

TRUDY: Heit die net oan it miljeu, dy smiet de sinesappelskilen net yn de griene kontener, mar gewoan yn de grize. (*dan súntsjes tsjin Johan*) Alhoewol't sa'n kartonnen doaze net folle kostje sil. (*beide laitsje stikem*)

MARIJKE: (*systerjend tsjin Johan en Trudy*) Ophâlde mei dat stomme laitsjen! Heit leit op stjerren witte jim noch!

JOHAN: (*sjocht yn de brosjure*) At heit ien kear dea is, helje se him op om him ôf te lizzen en oan te klaaien. Wy moatte alfêst klean klear lizze.

ELS: En om watfoar klean giet it dan wol? (*Johan, Trudy en Marijke sjogge Els oan krekt as woene se sizze, wêr bemuoist dy mei*)

JOHAN: (*lêst yn de brosjure*) Gebrûklik is in pak mei in boesgroentsje en in strik, sokken en skuon.

MARIJKE: (*skrikt*) Moat der net wekke wurde by heit?

TRUDY: Gean dyn gong.

MARIJKE: Ikke net! Ik bin as de dea!

TRUDY: (*begjint te nokkerjen en at Marijke har ferbjistere oansjocht*) Sorry hear! It is dyn eigen skuld. Sis dan ûnder gjin betingst en net fan ik bin as de dea. (*Els begjint no ek om it grapke te gnyskjen en Johan kin him ek net ynhâlde*)

MARIJKE: Ik wol net dat jim mei syn beiden heit syn begraffenis sitte te bekonkeljen.

TRUDY: Wa soe der dan as earste wekje moatte? (*se sjogge no allegear Els stiif oan*)

ELS: Ik sjoch it al! Els is wer de pineut! Want Els is mar fan de kâlde kant! (*oerein en nei de slipekeamer*)

JOHAN: Atst no doch wekkest, sykje dan tagelyk even wat klean fan heit byelkoar.

TRUDY: Dat is in goed idee.

MARIJKE: (*ferskrikt*) Oh, wat slim! Soks kinst heit doch net oandwaan? De klean foar yn de kiste útsykje wylst er noch leeft!

TRUDY: Dus Els moat in bytsje op de stoel nei heit sitte te gapjen?

Sa'n bêste bân hiene dy twa oars ek net.

ELS: (*fielt har oansprutsen*) No dat falt wol ta hear! Mar do hast gelyk, ik kin myn tiid mar better nuttich besteegje. Ik sykje wol wat byelkoar. (*ôf sliepkeamer*)

MARIJKE: Mar stel no es dat heit dat fernimt. Dat er de eagen iepen docht en sjocht dat Els dwaande is mei de klean?

TRUDY: Heit docht de eagen net mear iepen, dêrfoar is er fierstente fier fuortsakke.

JOHAN: (*lêst*) At heit oanklaaid en ôflein is, ha wy twa opsjes: of heit wurdt hjir opbiere, of hy giet nei it rousintrum.

TRUDY: Heit giet nei it rousintrum.

JOHAN: Ja, dat fyn ik ek it bêste.

MARIJKE: Dat wol ik net. Heit bliuwt thús, dat is doch folle persoanliker as dat je ôfskie nimme moatte yn sa'n kâld rousintrum?

TRUDY: Better ôfskie nimme yn sa'n kâld rousintrum as yn sa'n útwenne krot as dit. Ik soe my deaskamje om hjir minsken te ûntfangen.

JOHAN: Dat fyn ik ek! Mar ôfsjoen dêrfan, at wy heit hjir hâlde, moatte wy de hiele dei mei iisblokken tôgje.

MARIJKE: Wat in ûnsin! Se wurkje tsjintwurdich mei folautomatyske kuolynstallaasjes.

TRUDY: Dat kin wol sa wêze, mar heit giet nei it rousintrum, punt út!

MARIJKE: Dêr bin ik it net mei iens!

TRUDY: Dan hast in ôffaller, fanke! De measte stimmen jilde! Dus twa tsjin ien. (*sjocht nei Johan*) Of net?

JOHAN: (*knikt ynstimmend*) Dan krije wy de routsjinst yn it krematoarium.

MARIJKE: Do ferjitst de hillige mis.

JOHAN: Der komt gjin hillige mis. It is heit syn útdruklike winsk om it ienfâldich te hâlden. Hy wol allinne mar in koarte sobere plechtichheid yn de aula fan it krematoarium.

MARIJKE: Mar heit is fan hûs út katolyk!

TRUDY: Mar hy hat in hekel oan alles dat geloof is. Der komt gjin hillige mis!

MARIJKE: Dêr bin ik it net mei iens!

TRUDY: It giet der net om watsto moai fynst, wy sille de winsk fan heit respektarje moatte. Punt, út!

JOHAN: (*lêst*) Hjir stiet dat wy sels soargje moatte foar in taspraak?

TRUDY: Moatte wy dat sels dwaan? Dat docht de kapelaan.

JOHAN: Ha wy dan in kapelaan?

TRUDY: Eh... nee, heit sit net by in tsjerke, mar wy kinne doch ien ynhiere.

JOHAN: Ik tink dat wy net folle kâns meitsje. Heit wie bûtentsjerklik, dêr binne se net sa happich op.

TRUDY: Wy dogge it sels wol. Wy lêze om beurten in moai gedicht foar, wat muzyk der tuskentroch en klear binne de Timmerkes.

JOHAN: (*lêst*) En wa sil der dan in taspraak hâlde?

TRUDY: Do?

JOHAN: Ikke? Gjinn tinken oan!

TRUDY: Dat liket my net mear as normaal.

JOHAN: Mar dêr bin ik hielendal net goed yn! Dat kinsto folle better.

TRUDY: Fansels kin ik it better! Ik bin yn alles better as do! Dat wie eartiids ek al sa en dat sil altyd wol sa bliuwe!

MARIJKE: Mar wêrom dochsto it dan net?

TRUDY: Omdat dy kromme omkes en muoikes ynklusyf dy pear kennissen fan heit, my noait sitten sjoen ha! Omdat ik no ien kear “oars” bin! Us Johan is net allinne mar it gouden pikje fan heit, mar ek fan de famylje. En ik bin der fan oertsjûge dat as Johan yn syn wurdje trochskimerje lit, dat wy ús wol degelik om heit bekommere ha, en der alles oan dien ha om him op oare gedachten te bringen, dat de famylje út syn mûle soks wol oannimme sil.

JOHAN: Mar ik soe wier net witte hoe’t ik sa’n taspraak skriuwe moat.

TRUDY: Dy taspraak skriuw ik wol foar dy. Dat wol sizze: ik diktearje en do skriuwst. (*giet achter Johan stean en pakt him by it skouder*) En do Johan Timmer silst as it gouden pikje fan heit en de famylje, yn de aula de oanwêzigen tasprekke!

JOHAN: It swit brekt my no al út.

TRUDY: (*wiist nei de poalis*) Gean fierder!

JOHAN: Even sjen. Wat biede wy de minsken oan nei ôfrin fan de plechtichheid?

TRUDY: Wat sit der yn it standertpakket?

JOHAN: Ien bakje kofje en in plakje cake, mei in maksimum fan 50 persoanen.

TRUDY: Moai, dan dogge we dat.

MARIJKE: Do kinst dy minsken doch net allinne mei ien bakje kofje en in droech plakje cake ôfskypje?

TRUDY: Wêrom net! Ite dogge se thús mar!

JOHAN: (*lêst fierder*) En dan krije wy de jiske. Wy kinne it útstruie litte op it fjildsje fan it Krematoarium. (*sjocht nei Trudy*) Dat is fergees. Wy kinne de urn bysette litte yn de nissen fan it begraafplak dat kostet hûndert euro yn ‘t jier, plus de kosten fan it nammeplaatsje. Of wy nimme de urn mei nei hûs, dat mei tsjintwurdich. En dêr binne uteraard ek kosten oan ferbûn.

MARIJKE: Jim wolle fansels dat de jiske fergees útstruid wurdt, mar

dêr komt neat fan yn! Ik nim de urn mei nei hûs en ik betelje sels de kosten.

TRUDY: Ja fansels! Do tinkst doch net dat wy dat allegear betelje?

JOHAN: Wat soest dan mei dy urn dwaan wolle? Setst 'm op de skoarstienmantel?

TRUDY: Wêrom struist de jiske net út yn de foartún? Dan kin heit sa no en dan even by dy binnen waaie. (*Trudy en Johan ha de hik fan 't laitsjen*)

JOHAN: Heit is oars net ien fan op besite. At wy him twa kear yn 't jier seagen wie 't in soad.

MARIJKE: Mem kaam oars ek mar no en dan del. En nei de skieding kaam se hielendal net mear.

TRUDY: Moatst dysels ek net útpoetse. Ik wenje no al tsien jier yn dat hûs oan de Pikmar, hoe faak bist west? Ien kear? Twa kear? (*dan tsjin Johan*) Dy sjoch ik ek nooit.

JOHAN: (*synysk*) Dat kloppet en dat is ek net earlik, do komst op 't lêst alle wiken by ús oer de flier.

TRUDY: Ik ha 't fleanende drok, dat witst!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto